

# NIJSBRIEF



Utjefte fan de feriening Freonen fan Omrop Fryslân

*“As men de wrâld om jin hinne mei oare eagen besjocht,  
dan hoecht men gjin fiere reizen te meitsjen.”*

# FAN IT BESTJOER

It is alwer desimber en foar de measten ûnder ús stiet dizze moanne foar geselligens en waarmte. In moanne fan pakjes, want Sinteklaas komt nea mei lege hannen nei Nederlân, mar ek ûnder de krystbeam lizze hieltyd faker moai ynpakte kadootsjes. Der wurdt iten mei famylje en freonen, we sjogge oeral kearskes en sfearfolle ferljochting. Oan 'e ein fan it jier kinne we altiten genietsje fan 'De Fryske top 100', in barren dat dêr hielendal by past.

Omrop Fryslân hat fierder mear ferrasende programma's op telefyzje yn desimber. Sa wurdt 'Fjilmsk' as in twalûk útstjoerd, in opname mei live publyk. In grut diel fan de besikers

wiene 'ús freonen'. Wat in prachtige gearwurking tusken de Omrop en de Freonen en ek noch in aardich útstapke foar ús leden. We sille besykje de aktiviteiten ôf te stimmen op de winsken en programmearring fan de Omrop, want we binne by eintsjebeslút allegear dochs gewoan 'fan' fan de Omrop. Yn 2023 ferwachtsje we de 'HEA-dei', wêrby't de Omrop in spesjaal programma ûntwikkelet foar allinne de Freonen. Jo hearre hjir fansels letter mear oer.

It liket derop dat we lang om let wer ris in Algemeine Jiergearkomste organisearje kinne. De datum leit noch net fêst, mar we tinke oan woansdeitejûn

19 april 2023 fan 19.30 oere ôf, mei nei de ôfsluting om 21.30 oere in hapke en in drankje. De definitive datum jouwe we noch troch.

We einigje sa as we begûn binne. It is krysttiid en wy witte dat foar guon minsken der gjin gesellichheid is. Guon binne ek tige iensum yn dizze tiid. It soe moai wêze as wy dizze minsken net ferjitte.

Wy winskje dêrom elts noflikke feestdagen en in sûn 2023.

*Bestjoer Freonen fan Omrop Fryslân*

## KNALLEND IT JIER ÚT MEI DE FRYSKKE TOP 100 EN DE FILM STJER



### De Fryske top 100

Twadde krystdei fan 13.00 oant 18.00 oere en âldjiersdei fan 7.00 oant 18.00 oere. Bring jo stim út fia [Frysketop100.nl](https://www.frysketop100.nl).

### Stjer

Aldjiersdei om 20.00 oere op telefyzje.

Krekt as fan âlds is der dit jier wer in Fryske top 100. Oant en mei twadde krystdei kin elkenien stimme op de moaiste fan alle listen. Op dy twadde krystdei stjoert Omrop Fryslân de finalemstidei live út op radio en telefyzje. Wa't noch gjin definitive stim trochjûn hat kin dat dy dei op twa manieren dwaan. Fansels kin dat oant 18.00 oere fia [Frysketop100.nl](https://www.frysketop100.nl), mar it kin ek fysyk by Omrop Fryslân yn de studio yn de unike Fryske top 100 stimhokjes!

Aldjiersdei wurdt dan de definitive list útstjoerd op radio en telefyzje. Dit jier fan 7.00 oant 18.00 oere.

Nei de grutte ûntknoping krekt foar 18.00 oere folget om 20.00 oere it folgjende knallende programma: de film Stjer. Nei it grutte sukses stjoert Omrop Fryslân de film eksklusyf út op telefyzje. Yn de film wurdt Hûnekopsjonger Emiel Stoffers folge, nei al it sukses is hy in mispunt wurden. Under tusken komme hieltyd mear artysten om. Geandewei docht bliken dat it om in searjemoardner giet, dy't it op Fryske sjongers fersjoen hat. Slagget it Emiel om te feroarjen?

# FRAACH OAN DE FREONEN

Yn de rubryk Fragen oan de Freonen lizze wy alle kearen in kwestje of fraach oan jimme foar dêr't Omrop Fryslân of it bestjoer fan de Freonen graach in reaksje op hawwe wol. Us nije fraach is:

*Harkje jo de lêste perioade mear, minder of likefolle nei Omrop Fryslân radio en wêrom?*

Wy sjogge út nei jo reaksje. Reagearje kin fia: [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl)

Of stjoer in briefke oan ús adres op de eferside.

## Weromkeppeling op de foarige fraach

De fraach fan de foarige nijsbrief wie:

*Moat de Omrop yn de takomst mear rekken hâlde mei minsken dy't it Frysk minder goed behearskje? Of just net? Of is it goed sa't it no is?*

Wy krigen goede ynhâldlike reaksjes fan jimme, tige tank dêrfoar! Oer it generaal fine de Freonen dat it Frysk altyd de noarm bliuwe moat en dat it yn grutte linen goed is sa't it no is. De measten fine ûndertiteling in goede service foar minsken dy't it Frysk net fersteane of dy't net goed hearre kinne.

Guon binne benaud dat it bieden fan mear Nederlânske taalmooglikheden der foar soargje sil dat minsken minder faak foar it Frysk kieze, om't se it Nederlânsk makliker fine.

## Reaksje fan de Omrop

It Frysk sil wis de fiertaal bliuwe fan Omrop Fryslân. Dêr binne wy it hielendal mei iens. Wol kieze wy somtiden foar it Nederlânsk as dêrmei it ferhaal better oerkomt om't de sprekkers it Frysk net foldwaande behearskje. Dat hat net de foarkar, mar it boadskip moat fansels wol goed oer komme. Wat it oersetten en ûndertiteljen oanbelanget, wolle wy graach ús ynformaasje

noch tagonklikker meitsje foar elkenien. Dêr sille wy op ynsette yn de takomst, mar wol sa dat it Frysk foarop stean bliuwt. Uteinlik wolle we graach automatyske ûndertiteling yn twa talen oanbiede, mar safier is de technyk foarearst noch net.

Wy krigen ek noch twa fragen oer Teletekst. Wy begripe goed dat minsken dy service misse. Hieltyd minder minsken brûkten Teletekst, omdat Omrop Fryslân ek in soad oare kanalen hat. De ynvestearing yn persoanen en technyk foar it yn de loft hâlden fan Teletekst, wie dêrtroch net mear yn ferhâlding ta it tal brûkers. De Omrop hat alle foaren neidielen goed ôfwage foardat de kar makke is om der mei op te hâlden, hoe spitich ek.

As reaksje op de fraach yn de nijsbrief, krigen wy ek noch in opmerking oer de nijsberjochten op de radio. Dy binne wolris krekt wat earder of letter as op it heale of hiele oere. Dat is yndied sa, lykas by in soad oare radiostjoerders. Dat is in bewuste kar, want it jout presintatoaren krekt wat mear fleksibiliteit. Bygelyks om wat útrinne te kinnen as in ynterview in bytsje langer duorret. Dan binne jo dêr ek wer fan op 'e hichte.

*Jitske de Hoop, Beliedsadviseur Fryske taal en kultuer*



## Fryske top 100

Einlings koe dan de foarstelling fan Fljimsk plakfine. Nei't it ferskate kearen útsteld is troch corona mochten dan lang om let Griet Wiersma, Piter Wilkens en Minze Dijkstra it poadium op mei de foarstelling Fljimsk.

De seal wie moai fol yn it Haske op 'e Jouwer. Geweldich, sjoen de Omrop fan de foarstelling opnamen makke. Prachtige ferskes fan trûbadoer Piter Wilkens en Griet Wiersma, elk solo, mar ek yn moaie ferrassende duetten. Minze Dijkstra wikselet dit naadleas ôf mei syn magyske trúks dy't tige humoristysk op 'e planken brocht wurde.

En fansels ûntbrutsen Gryt har sketskes net, mei har oansprekkende komyske typkes, hilarysk!

Al mei al in prachtige middei. Mei as publyk in soad freonen. Wy hawwe genoaten.

**De útstjoering fan Fljimsk stiet pland op 29 en 30 desimber, en is fan 17.20 oere ôf alle oeren te sjen by Omrop Fryslân.**

## In pear hark- en sjochtips:

**Fan snein 4 desimber ôf (radio):**

Kryst mei Douwe

**25 desimber (TV):** Baas Giele Taksy

**26 desimber (TV):** Wat Soesto!

**29/30 desimber (TV):** Fljimsk

**31 desimber (TV):** Stjer

**2 o/m 6 jannewaris (TV):** Foarútsjen mei Reitse

**2 o/m 7 jannewaris (radio):** Sis it mar

Op moandei 5 desimber is de winterkampanje 'Omrop Fryslân hâldt dy waarm' begûn, dêr't al dizze programma's ûnderfalle. Sjoch foar de folsleine winterprogrammearring op:

**[Omropfryslan.nl/waarmte](https://www.omropfryslan.nl/waarmte)**



## IN OAR KRYSTBOADSKIP

Tja, hoe soe in krystboadskip der útsjen moatte/kinne yn dizze sombere tiden, freegje ik my ôf. Je soene sizze kinne dat it moaie fan sokke tiden is, dat je hast twongen wurde om werom te fallen op wat of wa't der wurklik ta docht, belangryk is. Yn Fryslân hawwe we in prachtich wurd: Mienskip. Elts kin dat ynfolje op syn of har eigen wize. Foar my betsjut it dat de waarmte en feiligens neist de doar leit en net út Den Haach komme sil. It soe moai wêze dat eltsenien dizze mienskipsg-


foelens yn hokker foarm dan ek hawwe en koesterje sil it kommende jier en dielt mei de iensumere minsken.

Litte wy derfoar soargje dat eltsenien waarme mienskiplike krystdagen, in feilige jierwiksel en 'gewoan' in LOKKICH NIJJIER!!!!!! hat.

*Saskia Kuitert*

*Algemien bestjoerslid*

## CRYPTOREBUS



De útkomst fan dizze krypto-rebus is in sprekwurd. Witte jimme hokker?

Stjoer jo oplossing yn foar 8 febrewaris 2023 en meitsje kâns op in dinerbon fan 50 euro!

Jo oplossing kinne jo opstjoere nei: [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl)

Of stjoer in briefke oan ús adres hjirûnder.